


It kin en moat better!

Under it tema *Frysk yn it Fuortset Underwiis* holden de provinsje Fryslân en it *Taalsintrum Frysk* fan Cedin op 15 maart 2011 in stúdzjeden foar liedingjaanden yn it fuortset ûnderwiis. Deputearre Tineke Schokker joech dêr in reaksje op it ynspeksjerapport **Tusken winsk en wurklikheid**. De kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân (oktober 2010). Sy ornearre yn neifolging fan haadynspekteur drs. H.G.J. Steur: **It kin better!**



Sytze T. Hiemstra

Foar de *Feriening Frysk Underwiis* wiene de foarsitter Tom Dykstra en ik as skriuwer derby. Us organisaasje wol de wurden fan de haadynspekteur en de deputearre ûnderstreekje. It *kin* net allinnich better, it *moat* ek folle better! Us feriening wol ta op in ferplichting fan it Frysk (as fak en as fiertaal) foar alle learlingen yn it hiele fuortset ûnderwiis oant en mei it *eksamen*. Dat is mei it Hollânsk net oars. Wy wolle dy lykweardigens ek foar it Frysk! Mei minder kin it net ta. Dêr moat de ûnderwiiswetjouwring op oanpast wurde. By dat stribjen kinne jo ús stypje (sjoch ek ris op ús webstek: www.ffu-frl.eu).

Der binne al goede oansetten geande. Oer ien dêrfan fertelde skoaldirekteur Teo de Groot út Burgum. Syn pleit foar meartalich fuortset ûnderwiis stiet op de siden 8-10 yn dizze Swingel. Mar earst, hjirûnder, nim ik – mei har tastimming – de kern fan de taspraak fan Deputearre Schokker oer.



Tineke Schokker

Deputearre Schokker: 'It kin better'

Op 24 novimber lêstlyn wie de presintaasje fan de ûnderwiisynspeksje oer de kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân. De titel fan it rapport is: *Tusken winsk en wurklikheid*. Dy titel lit sjen dat der blykber noch in ferskil sit tusken ideaal en praktyk. Haadynspekteur Rick Steur sette syn presintaasje dan ek útein mei de wurden 'It kin better'. Dat is in goed útgongspunt: *It kin altyd better*. Wa't dat foar eagen hâldt, bliuwt skerp.

Tagelyk moatte wy net út it each ferlieze dat in hiel soad al goed giet. Der wurde hiel goede lessen Frysk jûn, sawol yn it basisûnderwiis as yn it fuortset ûnderwiis. Yn dy lessen wurdt goed ynspile op de ferskillen tusken learlingen en

wurdt doelbewust wurke om learlingen in soad leare te litten oer en yn it Frysk. *It kin dus wol*. Der bliuwe fansels altyd omtinkpunten oer:

Kwaliteitssoarch

Yn it fuortset ûnderwiis slagget it leararen ûnfoldwaande om har lessen ôf te stimmen op ferskillen tusken learlingen en is de kwaliteitssoarch by Frysk min ûntwikkele. Dêrút docht bliken dat differinsjaasje noch net sa maklik is. De fernijde Fryske lesmetoade *Freemwurk* sil fierder digitaal ûntwikkele wurde, mear yn de rjochting fan *eduFrysk*. Sa'n digitale metoade helpt dosinten om te differinsjearjen en learlingen kinne ienfâldich thús mei de lesmetoade oan 'e gong.

Trochgeande learline

Yn it fuortset ûnderwiis kinne learlingen op ûnderskate fêstigings eksamen dwaan yn it Frysk. Alle jierren binne der wer learlingen dy't it Frysk as eksamenfak kieze. It soe moai wêze as mear learlingen dy kâns krije en gripe. In *trochgeande learline*, dus it Frysk ek nei de earste klasse oanbiede yn alle klassen oant it eksamen, soe dêr geweldich by helpe. Lang net alle skoallen biede in trochgeande line foar it Frysk, dus dêr lizze noch genôch kânsen.

In trochgeande learline giet fansels ek oer de oergong tusken basisskoallen en de skoallen foar fuortset ûnderwiis. Foaral foar bern dy't fan in trijetalige basisskoalle komme, is it wichtich dat de skoalle foar fuortset ûnderwiis oanslút op it nivo Frysk en Ingelsk dat dy bern hawwe. It is dus belangryk dat basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis kontakt mei elkoar lizze oer it Frysk. Dat is de iennichste wize wêrop't in *trochgeande learline* tusken dy beide ûnderwiissoarten ûntwikkele wurde kin. Dêr leit dus in dúdlike taak foar it ûnderwiisfjild: elkoar ynformearje.

Kearndoelen – behearskingsdoelen

Fansels lizze der ek taken foar de provinsje. De provinsje hat in hege ambysje as it om it Frysk giet en wol dêr dus graach wurk fan meitsje. In earste stap is om derfoar te soargjen dat de kearndoelen Frysk minimaal helle wurde op alle skoallen foar fuortset ûnderwiis.

Noarmearre metoade-ûnôfhinklike toetsen binne bygelyks needsaaklik om it nivo en de fuortgong

fan it fak Frysk fêst te stellen. Dat makket de differinsjaasje ek makliker. *Kearndoelen* kinne dan trochfertaald wurde yn *behearskingsdoelen* foar ûnderskate learlingegroepen. Dêrtroch kin de behearsking fan de Fryske taalfeardichheden fêststeld wurde.

It CITO wurket oan eintoetsen foar it basisûnderwiis. Sa sille der aanst toetsen lizze foar technysk en begripend lêzen. It provinsjebestjoer beriedt him op in ferfolch.

Akseptasje

In sterkere taalkultuer yn Fryslân helpt ek geweldich by de akseptasje fan it fak Frysk op skoalle. Soks moat fansels út de minsken sels komme, it provinsjebestjoer hat dêr net folle ynfloed op. Dochs besykje wy wol om de minsken dúdlik te meitsjen dat it bysûnder en weardefol is dat wy in twatalige provinsje binne. De *Praat-mar-Frysk*-kampanje is dêr in foarbyld fan. Rolmodellen as Doutzen Kroes en Foppe de Haan litte sjen dat jo fier komme kinne mei in stevige basis yn de Fryske taal en kultuer.

Jimme, dy't lieding oan skoallen jouwe, rop ik op om te sjen op watfoar ûnderdielen oft jimme bydrage kinne oan ferbettering. Want direkte ferbettering fan de besteande lessen hat allinne kâns fan slagjen as bestjoerders en skoallieders sels folút har ferantwurdlikheid nimme foar goed ûnderwiis Frysk yn de twatalige provinsje Fryslân.

